

'De Messeslikker', koarte române fan Sikke Doele

'Ijskoman yn de lange hite simmer fan '64...'

DE HOMMERTS - Sikke Doele (1942) debutearre yn 1977 mei de dichtbondel 'It swiet geniet'. Earst 22 jier letter liet de keunstredakteur fan de Ljouwerter Krante wer wat fan him hearre op it literêre mêd. Yn 1999 kaam er mei de ferhalebondel 'De Gouden Teeman'. In treflik proazadebút mei oantinkens oan in jongestiid út it Ljouwert fan 'e sobere fyftiger en sechtiger jierren. Doele komt no mei de koarte române 'De Messeslikker'. It boek jout in protte werkenning foar lêzers dy't yn 'e sechtiger jierren grut wurden binne.

Doele lit syn nijste proazawurk in 'koarte române' neamme. De sjenre-oantsjutting 'novelle' hie ek net missien. Dat 'De Messeslikker', in 'lichtfuottich simmerferhaal' is, stiet bûten kiif. De aparte titel, de betsjutting hat in dûbele boaiem, referearret ûnder oaren oan in anekdoate út it jongeslibben fan 'e haadpersoan. It hiele tagonklike proazawurk, sil bij Doele syn generaasjegenoaten sûndermis in soad 'oh hearken ja-reäksjes' oproppe.

Doele hat him de kop net gek meitsje litten troch alle positive jûchhei dêr't syn proazadebút mei ûntfongen waard. Hij bliuwt himsels, docht him net literêrder foar as er is. Yn syn nijste wurk hantearret Doele op 'e nij in styl, dy't nei't hilarise útskaaid. De auteur slagget der yn om de autentike sfear fan de sechtiger jierren perfekt op papier te krijen.

It ferhaal set útein mei in prolooch oer 'it sedeaze eilân', dêr't it yn 'e simmermoannen fan 'e sechtiger jierren need om en ta gong: "Der waard sûpt en fochten, omraak stellen yn de winkels. Jonges en famkes, hjir sûnder âlderlik tafersjoch, joegen har hor-

moanen alle frijheid yn bosk, dún en iepen fjild. Der waard grute fan bunkerfeesten, dêr't orgyen hâlden waarden. En gyngen der geroften dat dronken kampearders de frou fan in campinghâlder folslein neaken útklaaid en jonast hiene." (s.5)

It ferhaal hat ynhâldelik net it measte om 'e hakken. De tweintichjierrige Wierd út Ljouwert, hij is krekt slagge foar syn HBS-eksamen, hat yn 'e simmer fan '64 in fakânsjebaantsje as ijskoperkeaper op in net mei namme neamd Waadeilân. Foar de kenners is it net sa'n toer om te witten dat it hjir om Skylge giet. Wierd wurdt smoarferlyfd op de achttjinierrige Lucy, in eigensinnich fanke dat fan hûs weirtin is. It wurdt in fakânsjeleafde dêr't de fûnken fan ôfspatte. Mar sa as meastal mei fakânsjeleafdes it gefal is, sil ek dizze love-story gjin stân hâlde.

Doele skriuwt in eigen Polygoon dokumintêre oer de simmer fan fjouwerensechtich, hiel byldzjend, suver filmys. De werkenning bij de Baby-Boom-Generaasje moat wol grut wêze as Doele de folgjende dialooch skriuwt: "De freedts wie de ûngesteldheid foarby en yn Wierd syn tinte hellen se seis dagen fan ûnthâlding yn. 'Hearlik, hearlik, hearlik,' sei Lucy foldien en riek har nochriss goed út. 'Spitich dat it moandei net mear kin.' 'Hê?' 'Ogino-Knaus.' 'Ogi-wat?' 'De tabel fan Ogino-Knaus. Dy hâld ik altyd goed by. Dan moat ik oppasse fanwegen myn fruchtbere dagen.' (s. 73)

Dy klankkleur, dat nostalgise gefoel, sûnder dy irritante ferhearliking fan the Sixties makket it ferhaal sa nijsgjirrich. Doele skriuwt boppedat yn in flotte styl. Syn natuerlik frysk taalgebrûk foarmet in mik fan skriuwen sprektal.

It boek wurdt ôfsletten mei in epilooch. Wierd, no in fyftiger, helle syn dochter Claudia en har freon Erik fan 'e boat. De twa hawwe in fakânsje

trochbrocht op in eilân. As Wierd oan syn dochter freget hoe't it wie antwurdet it fanke, alhiel in bern fan dizze tiid, mei: "Dat Balgzand, dat wie in kutcamping. Fiersten te grut. En faak polysje op it terrein. Earst al in hasjdealer en doe ien mei xtc. Foar dy lêste kamen se mei trije man, midden yn de nacht. Dêr binne wy noch net iens in wike bleaun. Doe binne wy ferhuze nei De Eendekooi, oan de eastkant. Wat in ferskil! In stik better. Dêr wie it lekker rêstich, no Erik?" (s.141)

Mei it jaan fan dizze déjà vu-eftige epilooch wurdt de lêzer in spiegel foarhâl-

den: wat is it ferskil, wat is de oerienkomst tusken de simmer fan '64 en dy fan simmer 2000?

Ta beslút noch in opmerking oer it omslachwurk fan Gert Jan Slagter. De ôfbylding fan it fjouwerkante biskwybekerke op it fanylje-kleurige omkaft dekt net allinne de ynhâld fan it ferhaal, it ropt ek allegear assosiasjes mei de sechtiger jierren op. Trouwens dy ijsko-koekjes binne der noch altyd!

Sn. hdd.

10/7
2004

Henk van der Veer

Sikke Doele: 'De Messeslikker', Friese Pers Boekertj. 143 siden. Priis: f 30,-



Omstanders genieten van het afvuren van het kanon bij de Korenmolen in Sloten. De Stadschutterij maakt van het evenement iedere week een waar spektakel. Foto Doede de Vries